



# **De Gouden Pikeur**

("De gouden Adonis")

In klucht yn fjouwer bedriuwen

fan

**Hub Fober**

Fryske oersetting

**Alle Geart Hof**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE GODUEN PIKENEUR – DE GOUDEN ADONIS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HUB FOBBER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2008 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Taapke de Vries - in handige pensionhâldster.

Kunne - har suster.

Imkje Bollema - ferpleechkundige ( blond hier )

Bet Fennema - ferpleechkundige ( swart hier )

Makke - mem fan Imkje.

Fenna - mem fan Bet.

Aafke - help yn de húshâlding.

Gryt - gljurkjende buorfrou.

Jelle fan Leur - kontroleur.

## **TOANIEL:**

Ut de seal wei sjoen; Linkerside, foaroan in doar, yn de tekst oanjûn mei doar C. Yn de rjochter side binne twa doarren situearre, de foarste wurdt yn de tekst oanjûn mei doar A, de achterste mei doar B. Beide doarren meie wol oan elkoar grinzje. Mids yn it achterlewant is in iepen trochgong, dizze wurdt links brûkt as it nei de foardoar giet en rjochts yn alle oare gefallen. Daliks links fan dizze trochgong is in taap dy't ien as twa meter nei foaren stiet. By mear romte mei de taap ek wol L foarmich wêze. Links fan de taap is tsjin it lewant oan in sekretêre, dêr steane wat mappen op. Tsjin it achterlewant in plakje mei wat kaaien. Foar de sekretêre in tafel mei trije stuollen. Rjochts foar op it toaniel is in sithoekje. Tsjin it achterlewant in sletten kast mei boppestik, twadoars. Dêr wurde daagliks itensguod ensafuorthinne yn bewarre. It iepen ûnderstik is foar de koffers en de tassen. Kontroleur Jelle moat wol gauris notysjes meitsje, dêr brûkt er in opskriuwkastke foar, deselde kastkes dy't de meteropnimmers eartiids ek brûkten. Yn de tekst wurdt brûkt, kastke ticht, kastkje iepen.

## EARSTE BEDRIUW

Kunne stiet achter de taap notysjes te meitsjen.

Taapke: (*midden op*) Sis, Kunne, sille wy de foardoar mar net tichtmetselje?

Kunne: De foardoar? Wêr is dat goed foar?

Taapke: Mins, elkenien komt hjir mar achterom! Earst wie't allinne mar dy haaibaai fan in Gryt, mar no is it mei Jelle fan Leur al krekt itselde, alles mar brutaal troch de keuken.

Kunne: Hast it sels foarslein... Aafke kriget der wat fan at se hyltiten nei de foardoar moat foar Jelle.

Taapke: En do tapest him ek noch fol drank.., it kin net op!

Kunne: Tinkst faaks dat oaren dat net dogge?

Taapke: Hokker oaren?

Kunne: Dêr't er ek yn en út rint! Hy is dochs de kontroleur fan de Gouden Pikeneur?

Taapke: Oh ja, is ek sa, mar sis wat betsjut dat idioate gedoch eins?

Kunne: Witsto wol wêrom't der hjir yn dit doarp safolle pensjons binne, Taap?

Taapke: Omt it sikehûs hyltiten mear personiel lûkt, fansels!

Kunne: Krekt en dêr hawwe wy allegear in goed bestean troch krige. As tsjinprestaasje sil de gemeente noait in grut hûs foar it personiel bouwe.

Taapke: Mar dy pikeneur, wat moatte wy dêr no mei?

Kunne: Harkje, gjin hûs seit de gemeente, mar dan moat elk pensjon it al goed foarelkoar hawwe en moatte de wettelike regels neilibbe wurde.

Taapke: Ik begryp it.., dy wedstryd hawwe se organisearre om de kwaliteit fan de pensjons te stimulearjen.

Kunne: Krekt! En it pensjon dat as bêste der út komt, kriget de Gouden Pikeneur.

Taapke: Ja, ja, ik begryp it... (*Jelle komt troch de trochgong op, en deklamearrel*)

Jelle:Hjir is Jelle fan Leur, fan de gouden pikeneur! Jim witte it.., spik en span skjien is gewin! (*dan op gewoane toan*) Mar alles moat al neffens wetlike regels fansels.

Taapke: Ah, dy Jelle!

Kunne: (*daliks yn aksje*) Wacht, ik krij daliks de flesse. (*hellet de flesse ûnder de taap wei*)

Jelle:(*hellet in buorrelgleske út de bûse, set it op de taap del en rint troch nei keamer B en kloppet oan*) Kontrôle fan de Gouden

Pikeneur!

Kunne: (*skinkt buorrel yn*) Sjoch mar rêstich Jelle, se is der net en dy oare dêr nêst ek net.

Jelle: (*doar iepen en sjocht*) Ja, ja, sa wol ik it sjen, alles moai oan kant ... (*rint op A ta en docht de doar iepen en sjocht*) Ja, ja, ik sjoch it al, dit binne allegear pluspunten! (*makket notysjes en rint op C ta , rint ûnderwilens by de taap lâns en wipt it romerke achteroer*) En hjir sil alles ek wol op regel wêze...

Taapke: Hoechst net te sjen Jelle, dy is fan'e moarn ôfreizge.

Jelle: Dy stiet leech?? Goh, yn it doarp biede se goud foar sa'n keamer, ik hoech mar ien wurd te sizzen dan...

Kunne: (*skinkt wer yn*) Nee, Jelle, net dwaan.., haw ik dalik wer in soad folk om'e doar... As wy in oere fierder binne hat der allang ien west, allinne..., ik hoopje mar dat it dan dizze kear in troud stel is.

Jelle: Logysk, dan is it dûbel fansels en bringt it mear op!

Taapke: Mar... eh... Jelle, wat ik noch freegje woe... dy Gouden Pikeneur is dy fan goud of is it gewoan plestik?

Jelle: Plestik?? Taapke de Vries...!! De Gouden Pikeneur is de kreaste en de sjarmantste fint hjir út dit doarp!! En it pensjon dat wint, krijt him in jier lang as help! Gasten begeliede... ensafuorhinne, ensafuorhinne...

Taapke: Aha... Mar Jelle.., oer dat begelieden, dat ensafuorhinne woe'k sizze, kinst dêr ek wat mear oer fertelle?

Kunne: Och heden, moatst dy oerjierske klok no ris toktokjen hearre! Mins, do bist allang fan de lech!! Mar... eh Jelle, hast der alris oer neitocht?

Jelle: Sorry, Kunne, mar eh... wat bedoelst dêr mei?

Kunne: Do witst dat wy dit pensjon opjaan moatte om't ik sukkelje mei myn senuwen.

Taapke: En omdatsto sein hiest datst ynteresse hiest by soks.

Jelle: Och ja, no wit ik it wer... Earlik sein, ik hie der wis wol nocht oan, as ik troud wie... mar sûnder de help fan in frou sjoch ik it net sitten. No ja, wy moatte noch mar ris sjen.

Kunne: Nim ris oan datst ynteresse hiest, dan soe it dochs moai wêze dat dit pensjon de priis winne soe?

Jelle: Dêr seist sawat Kunne!

Taapke: Do kinst der sels in soad oan dwaan Jelle! Dat moaie potlead fan dy moat gewoan in pear puntsjes mear opskriuwe, dan bist der!

Jelle: Oh nee, Taapke, dat kin net, it moat earlik bliuwe fansels! Gjinn omkeaperij!

Kunne: (*skinkt gau noch in buorrel yn*) 't Is ek sa, gjinn omkeaperij, it moat earlik bliuwe.... Nim noch mar in romer fol!

Jelle: Okee, ien dan, de lêste... *(wipt de buorrel yn ien kear achteroer)*

Ik haw noch hiel wat foar de boech! *(stekt de romer by him)*

Taapke: *(tagelyk mei him ôf)* Kom, kinne wy noch eefkes by it hinnehok del... Nim mar wat farske aaien mei! *(nei't se ôf binne hearre wy de foardoarbelle. Yn de trochgong is te sjen dat Aafke fan rjochts nei links rint, se is yn hanneljen, praten en rinnen o sa stadich en sleau it hiele stik troch)*

Aafke: *(op)* Sil ik jo mar foargean?

Imkje: *(op mei koffer)* Dei, mefrou... *(fûstket mei Kunne)* Ik bin Imkje..., Imkje Bollema.

Kunne: Tige nei't sin. *(Aafke wer stadich ôf)*

Imkje: Jo moatte witte, dat ik fia fia hearde dat hjir noch in keamer frij wie...

Kunne: Dat kin wol útkomme. *(knikt nei C)* Wolle jo earst ek eefkes sjen?

Imkje: Nee, dat hoecht net hear... Ik bin fierstente bliid dat ik in dak boppe de holle ha!

Kunne: Binne jo foar it earst yn dit doarp?

Imkje: Oh nee, ik wurkje al jierren yn it sikehûs, mar it pensjon dêr't ik bin wurdt op dit stuit ferboud.

Kunne: Oh sa..., mar ik moat jo al eefkes ynskriuwe. *(skriuwblok)* Ris sjen, de namme wie Imkje Bol-le-ma..., jo wurkje yn it si-ke-hûs.... Geslacht...frr...en hoenear wolle jo komme? *(stekt it formulier by har yn de skelk)*

Imkje: As it kin dalik mar.

Kunne: *(wiist nei C)* Dy keamer stiet te wachtsjen.

Imkje: Jo moatte witte, ik haw altyd nachtsjinst en ik bin al oan de lette kant. As jo it goed fine set ik de koffer op de keamer, dan kin ik dalik mar oan it wurk, pak ik him moarnier wol út.

Kunne: Wolja, jo dogge mar en ik soargje wol foar de koffer.

Imkje: Tige tank..Mar...eh.. noch wat, soe'k ús mem wol eefkes belje meie om te fertellen dat ik op't stuit hjir oanlâne bin?

Kunne: Wis wol, dêr achter jo stiet it tastel. *(wiist)* Mar...e..., wat ik noch freegje woe... Hoe let komme jo moarns altyd werom?

Imkje: Healwei tsienen en jûns fiif oere jou ik my wer ôf.

Kunne: Ja, krekt... Mar foardat ik it ferjit..., hjir is de kaai fan de foardoar. *(fan't plankje)* Asjebleaft en belje no mar eefkes. *(mei koffer ôf yn C, dêrnei midden ôf)*

Imkje: *(oan de tillefoan)* Hoi, mem, mei my... Ik haw in keamer hear! Ja, ja, op it adres dat ik justerjûn trochjûn ha... Jo kinne moarn wol komme... Wolja, wêr't ik sliep kinne jo ek sliepe... *(ûndertusken Aafke op om de keamer te dwaan, se is sa sleau as wat)* Harkje

no mem... Ik moat no nei't sikehûs ta. Ja hear, ja... ynoarder! Oant moarn! Dooch... (*smyt de hoarn der op en ûntdekt Aafke dy't sleau de stofdoek hantearret en allinne mar each hat foar Imkje*)  
Goeie...

Taapke: Dei, mefrou...

Imkje: (*laitsjend midden ôf*) Noch altyd juffer hear en oft it ea mefrou wurdt falt te betwifeljen.

Taapke: (*midden op*) Aafke, dat treft...! Harkje. Do witst dat wy Jelle slokje hjir dageliks oer de flier ha en dat kaam by my frjemd oer en doe haw ik him op de man ôf frege wat dit te betsjutten hie... en witst wat er sei?

Aafke: Nee, mefrou, ik haw der ommers net by west?

Taapke: Dat er smoarfereale op dy wie..., dat sei er!

Aafke: Jawol mefrou ..., wis mefrou...

Taapke: Aafke, asjebleaf, wurd wekker! Docht it dy dan neat?

Aafke: Wit ik net mefrou...

Taapke: Bern, harkje, sa'n kâns krigest noait wer! Do hoechst allinne mar in bytsje mei te wurkjen. Wat om him hinne draaie... ris mei him prate oer in nesthe bouwe en sa en de earrebarre en dan moatst ek ris mei dyn trientsjes wurkje... (*op dit stuit giet de foardoarbelle*)

Aafke: Ja mefrou..., wis mefrou..., mar der is ien by de foardoar! (*Aafke ôf nei de foardoar ta. Eefkes letter, Aafke wer op*) Sil ik mar foargean?

Bet: (*op mei reistas*) Dei mefrou..., ik kom ris om te sjen as der faaks ek in keamer frij is...

Taapke: Dan hawwe jo gelok, der is krekt ien frij kaam... (*knikt nei C*) dy dêr.

Bet: Oh, moai! Ik tocht even dat ik noait slagje soe... (*rint op C ta*) Dan pak ik dalik mar út en dan sliepe, ik bin stikken!

Taapke: Ja, ho ris, ik sil jo earst ynskriuwe moatte. (*krijt in ynskriuw-formulier*) Namme?

Bet: Bet..., Bet Fennema.

Taapke: Fen-ne-ma. Geslacht? (*sjocht mei klam. Bet is har hiele rol wat manlik yn de klean*) Nei alle gedachten froulik! Berop?

Bet: Ik wurkje yn it sikehûs..., dat wol sizze, ik begjin moarn.

Taapke: Krekt ja... (*stekt it formulier by har*)

Bet: Mar eh..., wat ik freegje woe..., ús mem wurket by in útstjoerburo en sil anst ek yn dit plak oan it wurk....Soe se...eh..net by my....eh...?

Taapke: Wolja..., dat is dochs fansels... Sjoch, hjir hawwe jo de kaai. (*fan't plankje*) Fan de foardoar.



Bet: Tige tank. (*mei tas ôf*) Mar no sil ik dochts earst sliepe moatte, ik bin sa wurch as in maits.

Taapke: Moatte jo ek roppen wurde moarnier?

Bet: (*tinkt nei*) Ik moat altyd om njoggen oere de doar út en dan bin ik om healwei seizen wer thús, mar roppe, nee, lit mar..., regelje ik sels wol. (*ôf*)

Kunne: (*midden op*) Sis Taapke, hasto Aafke wiis makke dat Jelle slokje sljocht op har is?

Taapke: Yndied.

Kunne: No sis..., hoe moat dat no? Do witst dochts ek wol dat Jelle neat ha moat fan dat gedoch?

Taapke: Okee, hy hat wat pech hân, mar dat is al fiifentweintich jier lyn en dêr sil er sa stadichoan wol oerhinne wêze.

Kunne: O ja? Wat wie dat doe mei Jelle?

Taapke: Eat yn de fakânsje leau ik, mar krekt wit ik it net.

Kunne: Wat hat it no foar nut Aafke foar te liegen...

Taapke: Kunne..., wolle wy no it pensjon fan ús oer dwaan oan Jelle slokje of net?

Kunne: Ja, fansels, leaver hjoed of moarn.

Taapke: Krekt en Jelle hat al sa faak tsjin ús sein: as ik troud wie....

Kunne: Ferhip ja, do hast gelyk en as wy dy twa no ris oanelkoar plakke koene...

Taapke: Sjochst no wol..., ja, lit Taapke mar skowe!

Kunne: Ja, ja, mar do witst dochts ek wol, Aafke hat fan seks likefolle ferstân as in oaljefant fan kantklossen.

Taapke: No, wat soe dat, in mins is noait te âld om te learen.

Kunne: Wis..., no ja, earst mar ris ôfwachtsje. Mar... eh... witst wol dat ik dy (*knikt nei C*) keamer....

Jelle: (*yn de trochgong, deklamearret*) Hjir is Jelle fan Leur fan de Gouden Pikeneur! Jim witte it, spik en span skjinn is allinne mar gewin! (*dan wer op gewoane toan*) Mar alles moat al neffens wetlike regels fansels! (*hellet buorrelgleske út'e bûse en set it op de taap del, Kunne skinkt in buorrel yn*)

Kunne: Mar Jelle, do hast der niiskrekt noch west, hast dy fersind?

Jelle: Jelle wit wier wol wat er docht! (*sjocht yn B en docht de doar ticht*) De iene kear twa of trije kear achterelkoar... (*sjocht yn A en docht de doar wer ticht*) dan efkes lins en dêrnei taslaan! (*drinkt yn ien kear buorrel op*) Dat is pas it echte kontrolearjen!

Taapke: Sis, Jelle, do hiest it niiskrektsa oer de Gouden Pikeneur, de kreaste fint fan it doarp, is it faaks Hindrik Dykstra, of Hotty Palsma? Wachtsje, it sil dochts net Klaas fan Hindriks Tryn wêze?

It is Binne fan turf Sytske ek net wol?

Kunne: Moatst dy tuf-tuf no ris hearre..., do soest better dy hamme ophelje kinne foar Jelle dy't yn de keuken hinget! (*Taapke is al ûnderweis*)

Jelle: Net dat it perfoarst nedich is, mar... eh... (*Taapke neiroppend*) dy dêr hielendal links yn de hoeke, dêr sit wat minder fet oan!

Kunne: (*skinkt noch ris yn*) Kom Jelle, do kinst noch wol ien tille net?

Jelle: Jawol hear! Mar wacht ris, ik moat noch al eefkes yn C sjen! (*rekket buorrel net mear oan*)

Kunne: Dy is wer bewenne, krekt nei datsto fuort gien bist.

Jelle: Hie'k net oars ferwachte. Hast it ynskriuwformulier ek?

Kunne: Ja, fansels, hjir is it! Asjebleaft.

Jelle: (*skriuwt*) Aha..., Imkje Bollema, froulik, sikehûs...

Kunne: (*yn tinzen*) Aardich..., blond wyfke... Do kinst rêstich wol eefkes sjen, hear! Se is der dochs net.

Jelle: (*doar iepen, sjocht en wer ticht*) Ik hoech mar eefkes.... (*draait him ynienen om*) Mar Kunne, se is der wol hear! Se sliept!

Kunne: Soe se dan wer... en ik tocht dat se....

Jelle: (*yn C ôf*) Kin ik ek eefkes fan deunby... eh...

Kunne: (*yn tinzen*) En se sei noch dat se nachtsjinst hie...

Jelle: (*komt werom*) Sis Kunne..., blond wyfke seiste? Mar dizze dy't dêr leit hat swart hier hear, dat kin sels in bline mol sjen!

Kunne: (*ûngeduldich ôf yn C*) Unsin Jelle, ik haw har dochs sels... Mânliju! (*Jelle feralterearre wer op*) Oôôôhh..., dit kin net!.... Dit is....! (*stoot midden ôf*) Taapke..!! Taapke..!! Der is in wûnder bard!

Bet: (*op yn pyama*) Wat is hjir te rêden ferdomme! Wa rint der no samar jins keamer yn?

Jelle: Nim my net kwea ôf juffer, mar jo moatte witte, ik bin de kontroleur fan de Gouden Pikeneur!... En... eh... jo soene eins in blondine wêze moatte!

Bet: Oh sorry hear dat ik net oan jo smaak foldoch! Tsja, ik bin no ien kear net blond hê?

Jelle: Ja, ja, dat sjoch ik.., mar it moat eins al! Ik haw it hjir swart op wyt stean.

Bet: O sa! Dan is dat al oars fansels! Mar it hoecht gjin beswier te wêzen, dan lit ik it moarn dochs blond farvje? Dy papieren moatte al strike mei de wierheid fansels!

Jelle: As dat koe?

Bet: Fansels, lytse muoite... Mar... eh..., fine jo ek net dat jo gelok hân ha?

Jelle: Hoe woe de juffer sizze?

Bet: Dat jo gewoan en sûnder muoite fansels in slûgert wurden binne

en lit my no mar sliepe! (*lulk ôf*)

Jelle: (*giet ergens stean mei in soad romte om him hinne*) Ik kin der ek neat oan dwaan..., it stiet hjir!

Bet: (*smyt koffer bûten de sliepkeamersdoar*) En dit ding is net fan my! (*ôf*)

Jelle: In koffer? (*sjocht yn de papieren*) Se sille de boel dochts net belazere ha? (*ûndertusken is Aafke opkaam en draait rûntsjes om Jelle hinne. Jelle sjocht fernuvere yn de fierte*)

Taapke: (*op mei in wetterpomptange en in hammer. Fernuvere*) Aafke bern, wat dochst nuver!

Aafke: Om him hinne draaie..., hawwe josels sein, mefrou!

Taapke: Aafke..., asjebleaft! Toe, nei de keuken do! Sjochris Jelle, hjir is de hamme. (*leit de hamme op de taap*) Dat it dy mar smeitsje mei! En...eh, tink nochris oan ús ast de siferkes ynfolst op dat papier.

Jelle: (*soarchlik*) Dêr moatst dy mar net tefolle fan foarstelle Taapke. Yn dit pensjon doocht it net hielendal....

Taapke: Mar Jelle, hjir is dochs alles ynoarder...?

Jelle: Oh ja? Fertel dan mar ris wa't der op keamer C wennet!

Taapke: Och, dat is wier ek..., in nije gast. In kreas wyfke mei swart hier, ik haw har sels ynskreaun, sjoch hjir is it formulier.

Jelle: (*nimt de papieren oan*) Swart hier seiste? Ja sjoch, dat past al in stik better... Mar hoe kin Kunne no... (*oerlanget de papieren wer oan Taapke*) Wy binne dochs ferstannige minsken ûnder elkoar? Lês do noris wat dêr stiet!

Taapke: Imkje Bollema...sikehûs. No, wat soe dat?

Jelle: Dy wennet hjir neffens Kunne.

Taapke: Kin net! Hjir is in frommeske mei swart har!

Jelle: Wit ik, en dochs seit Kunne dat it in blondine is!

Taapke: Dat mienst net! Sjochst no wol dat it heech tiid wurdt dat se de saak oerdwaan moat? Kunne kin it net mear oan.

Kunne: (*oerallich op*) Taapke...! Taa...oh einlik en te'n lêsten..., dêr wiest al! Ik haw oeral omdy socht! (*Taapke stekt it formulier fan Jelle by har*)

Taapke: Ark helle, op dy dêr, (*knikt nei keamer B*) lekt de kraan.

Kunne: Taapke..., der is in wûnder bard, echt wier! Ik haw dy keamer (*knikt nei C*) niiskrektsa ferhierd oan in blond frommeske, mar doe't Jelle gong te sjen, hie se swart hier!

Taapke: (*delbêdzjend*) Ik wit it Kunne, Jelle hat it ferteld, mar wyn dy net op asjebleaf, jou dy mar eefkes del. (*triuwt har yn in stoel*) Do moatst oan dyn sûnens tinke fanke! (*tsjin Jelle*) Do kinst dy rêstich ôfjaan hear Jelle, ik rêd it no wol.

Jelle: *(mei de hamme yn'e hân)* Tsja, as it no in mankemint oan it sjassy wie, soe ik der nei sjen kinne... *(tikket oan'e foarholle)* mar as it brekme yn de ferdielkap sit, bliuw ik der leaver ôf... Ik kom aanst noch wol eefkes werom. *(ôf)*

Kunne: Wat wie der no eins te rêden? Wol dy Jelle slokje faaks úthâlde dat der by my ien op 'e rin is?

Taapke: Dat kinst Jelle dochs net kweaôf nimme Taapke? Hjoed de dei barre der dochs gjin wûnders mear wol?

Kunne: Kin wol wêze, mar ik bin der wis fan dat ik in blond...en sjoch noris, dêr stiet de koffer fan dat bern noch! Sjochst no wol? En fertel my no mar ris hoe't sa'n swartkop op dy keamer kaam is.

Taapke: Om't ik dy oan har ferhierd haw.

Kunne: *(yn wanhope)* Mar dat kin dochs net! Ik haw him oan dat blonde minske ferhierd!

Taapke: Ja, hoe koe ik dat no witte? Do hast it my net ferteld!

Kunne: Deksel, hoe no?

Taapke: Dy fan my wurket yn it sikehûs...

Kunne: Dy fan my ek! Se hat altyd nachtsjinst!

Taapke: Nee, dy fan my wurket oerdeis!

Kunne: Sjitte wy neat mei op.

Taapke: Nachtsjinst seiste?!

Kunne: Ja, jûns om fiif oere der út, moarns om healwei tsienen der wer yn.

Taapke: Dat is geunstich, dat is hiel geunstich suske!

Kunne: Wat kin der no sa geunstich oan wêze neffens dy?

Taapke: Wekker wurde...! De iene wurket nachts, de oare oerdeis! De keamer bringt op dizze wize dûbel jild op fanke!

Kunne: *(wifeljend)* Mar se hawwe beide harren spullen op 'e keamer.

Taapke: Wit ik, wit ik..., mar sjoch, hjir yn dy kast is plak genôch. *(krijt koffer en set dy yn'e kast)* Dalik nei't dat blonde ding har ôfjûn hat, smite wy har spullen yn de koffer en sette it hiele spul yn dy kast en krije de tas fan dy oare en sette ien en oar moai yn dy keamer del en as dy oare wer fuort is wurkje wy krektoarsom, maklik genôch!

Kunne: Mar hoe moat it dan mei Jelle slokje, dy hat dat formulier fan my en dat blonde fanke stiet dêr op!

Taapke: *(gniist, hellet it formulier foar't ljocht)* Dat hiest tocht..., sjoch, hjir is't!

Kunne: Mar at se no ynienen delkomt?

Taapke: Och, dan praatst der mar wat omhinne. *(krijt de wetterpomp-tange dy't se earst ergens dellein hie)* Sa..., no earst marris besykje om dy kraan los te krijen.

Kunne: Hast de haadkraan wol tichtdraaid? Earder hast my it hûs ek ris ûnder wetter setten.

Taapke: Ja, ja, is al regele! (*ôf B*)

Gryt: (*midden op*) Hoi Kunne, harkris bern, do moatst my út'e prut helpe. Do witst it., ik hâld net fan lienen, mar der is dochs wat bard, net moai mear! Ik soe in kopke kofje sette, kom ik der achter dat ik gjin ien bearne mear yné hûs haw! Soest my net...eh...

Kunne: (*hellet in pak kofje út'e kast*) Dat sil wol slachje tocht ik...

Gryt: (*sit al bij de tafel*) Dat is my dochs ek wat... De hiele dei kontrôle fan de Gouden Pikeneur?

Kunne: Falt wol wat ta hear...

Gryt: Ik sjoch Jelle hjir de hiele dei yn en út rinnen.


Kunne: Ja, fansels, hy moat no ien kear kontrolearje hê!

Gryt: Ik seach ek datst nije gasten krigen hiest..., in blond fanke en dêrnei in swartenien...Ik tocht noch, (*knikt nei A en B*) dy dêr binne beset en yn dy dêr... (*knikt nei C*), kinst net twa wyldfrjemde famkes byelkoar stopje.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**